

De paadsljochter

Nijsbrief fan de FNPjongerein



Nûmer 6 – oktober 2012

=====
Dit nijsbrief hat ta doel om de FNPj-efterban en oare nijsgjirrigen op de hichte te hâlden fan saken oangeande de FNPjongerein. Jo meie dit nijsbrief trochstjoere oan oare minsken dy't sympaty hawwe foar de FNP en syn gedachteguod. Sprekke jo leden dy't de nijsbrief net krije dan hearre we dat graach.
=====

Ledegearkomste: FNPjongerein nei it Abe Lenstra Stadion!

As ôfsluting fan it FNP-jubileumjier hâldt de partij syn ledegearkomste op 23 novimber op in bysûndere lokaasje: it Abe Lenstra Stadion op It Hearrenfean.

Foar de ledegearkomste kinne de leden in rûnlieding troch it stadion krije. Binne jim benijd nei hoe't in skybox derútsjocht, it spilershome, de parseseal, de pronkkeamer, de klaaikeamer en noch in hiel soad oare saken yn dat prachtige stadion? Gryp jim kâns en jou jim op foar de rûnlieding spesjaal foar de FNP. Opjefte is needsaaklik yn ferbân mei it tal gidsen dat foar ús klear stean moat.

Opjaan foar de rûnlieding moat by HB-skriuwster Aeltsje de Groot: aeltsje.degroot@fnp.nl. Leafst sa gau mooglik, mar yn alle gefallen foar 10 novimber 2012.

Program

17.30 oere	Itentsje FNPj (sjoch noeging hjirûnder)
19.00-20.00 oere	Rûnlieding troch Abe Lenstra Stadion
20.30 oere	Ledegearkomste FNP

Wy sjogge jim op 23 novimber!



Ite mei de FNPjongerein

Noch foar de rûnlieding en ledegearkomste yn it Abe Lenstra Stadion sille wy gesellich ite op It Hearrenfean. Om 17.30 oere binne alle FNPjongerein leden wolkom yn restaurant De Koningshof op It Hearrenfean (Prinsewei 1). Iten en drinken is foar eigen rekken.

Aksje 50 jier FNP

De FNPjongerein sil op sneon 15 desimber in aksje hâlde om by te dragen oan it jubileumjier fan de FNP. As aksje sille wy 50 stânbylden yn Fryslân foarsjen fan in Frysk sjaaltsje. Lit it ús witte asto meidwaan wolst en stjoer in e-mail nei: fnpjongerein@gmail.com

Trainee fakatuere by de EFA

De Europeeske Frije Alliânsje (EFA) siket in trainee foar de perioade fan desimber 2012 oant maaie 2013. De EFA is in Europeeske partij dy't opkomt foar de belangen fan naasjes sûnder steat yn it Europeesk Parlemint. De FNP is dêrby oansluten, sa as ek bygelyks partijen út Skotlân, Flaanderen en Kataloanië.

De trainee sil taken ferrjochtsje dy't by syn of har eftergrûn en kunde pasje. Kennis fan Europa, de Europeeske Uny is fansels winsklik, krekt as it yn 'e macht hawwen fan meardere talen (yn elts gefal Ingelsk) en kompjûterfeardichheden.

It kantoar fan de EFA stiet yn Brussel, en de trainee sil dêr dus wenje moatte foar de wurkperioade. It lean is sa'n 1.000,- euro netto yn 'e moanne.

Tink der om dat de sluting fan de sollisitaasjes 5 novimber is.

Foar mear ynformaasje, sjoch de [advertinsje](#) en de [EFA webside](#).

Ynteressearden kinne ek kontakt opnimme mei:

- Douwe Bylsma, foarsitter EFA-kommisje (058-2571635), d.bylsma.fryslan@gmail.com
- Sybren Posthumus, bestjoerslid fan de EFA (0566-602928), s.posthumus@fryslan.nl

It ôfrûne jier hat Olrik Bouma fan de FNP trainee west by de EFA en hat dêr prachtige ûnderfiningen opdien. Ast fragen hast oer hoe't it wurk by de EFA der út sjocht kinst him berikke fia olrik.bouma@fnp.nl

Nij filmke fan de FNPjongerein!

Saapke hat út namme fan de FNPjongerein in filmke online set oer it Frysk yn it ûnderwiis. Sjoch op: <http://lyt.sr/spsej>


Kursus Frysk skriuwen

*Better Frysk skriuwen leare?
Noch analfabeet yn dyn eigen taal?
Fertroud reitsje mei de Fryske stavering?*

Doch no de Koarte kursus Frysk skriuwen!

By dizze kursus wurde 10 lessen jûn. De lessen wurde sneontemoarn holden. De leskosten binne foar de FNP. It materiaal (€49,-) is foar rekken fan de kursist.

Opjaan kin by Sjoerdsje Veenstra fan it FNP-haadbestjoer: sjoerdsje.veenstra@fnp.nl



Gearkomsteschema FNPjongerein

De kommisje FNPjongerein hat yn oerlis in gearkomsteschema fêststeld foar de rest fan 2012 en de earste helte fan 2013. Op freed begjinnen de gearkomsten om 19.30 en op snein om 14.00. Plak sil yn prinsipe op it partijhûs wêze oan de Obrechtstrjitte 32 yn Ljouwert.

De data binne as folget:

Freed 23-11-2012 (AL FNP)
Snein 23-12-2012 (allinnich as it needsaklik is y.f.m. krystiid)
Freed 18-01-2013
Snein 24-02-2013
Freed 22-03-2013
Snein 21-04-2013
Freed 24-05-2013
Snein 23-06-2013

Elk FNP-lid ûnder de 30 jier is wolkom!

Wisten jim dat....

- De OSF in nije webside hat ûnder www.osfractie.nl?
- Saapke yn de foarsitterkommisje sit dy't siket nei kandidaten foar it foarsitterskip fan it haadbestjoer FNP?
- De FNPjongerein 46 leden hat en dat wy gau nei de 50 ta wolle?
- Jantsje ôftredend HB-lid is en sy dus gjin kontaktpersoan mear wêze kin foar de FNPjongerein?
- En dat wy dat as FNPjongerein wol wat spitich fine?
- De FNPjongerein dizze simmer mei 2 fertsjintwurdigers by de partij Die Friesen yn East-Fryslân wie en dat der ek wer kontakten lein binne mei de Noard-Friezen yn Sleeswyk-Holstein?

www.fnpj.nl

fnpjongerein@gmail.com

jongerein@fnp.nl



fnpjongerein



jongerein@fnp.nl



@fnpjongerein

